

Wurklistpunt: 12. Moasje frjemd oan de oarder fan de dei

Underwerp: Yn stân hâlde subsidyzje oan de Pleatslike Belangen

De ried fan de gemeente Achtkarspelen yn gearkomste byinoar op d.d. 1 july 2021

Sprekt út dat:

- it beslút, nommen yn de begruttingsrie ôfrûne hjerst, om de subsidyzje oan de Pleatslike Belangen stop te setten, wer ynlutsen wurdt;
- de subsidyzje foar de Pleatslike Belangen minimaal op it hjoeddeiske nivo bliuwe moat.

En giet oer ta de oarder fan de dei.

Taljochting:

- Mei it foar komme te litten as in saneamde 'modernisearring' en ferienings fan Pleatslik Belang dêrmei net mear sels beskikke kinne oer foldwaande eigen finânsjele middels, wurde hja beheind yn har hanneljen en aktiviteiten.
- Frijwillige bestjoerders wurdt dêrtroch krekt de moed ûntnaam, ynstee fan stimulearre.
- In gemeente, dy't altyd mei de mûle beliedt, dat hja it fan grut belang fynt, dat fan ûnderen op de mienskip sels mei ynisjativen komt, spant no krekt mei it eardere beslút, it hynder efter de wein.
- It fuortbestean fan de ferienings fan Pleatslik Belang kin hjir en dêr yn gefaar komme.

FNP-Achtkarspelen,

PvdA-Achtkarspelen

Mefr. M. Dotinga-van der Veen

Dhr. T. Nicolai